

hurdridders is de
 hast legendarysk. Syn sportive
 fan syn eigen tiid wurdt er net neamd,
 1765 bit er "Adam hardc
 1887), dat gjin doktrining moent te wizen
 r earder ek al wakker in sport fan h
 de Snitser dokter Murk van Phelsum
 handelingen (1776 en

Syn grutte sammelwurk, de *Dialogus miraculorum* (Dialooch oer de wûnders), wie ien fan de meast kopiearre wurken yn 'e Midsieuwen; hast elk kleaster hie in eksimplaar. Om't hy sels in pear kear mei syn abt yn Fryslân west hat om de Cistercienser kleasters dêre te besykjen en om't letter, doe't hy sels abt wie, ek wol Fryske muontsen yn Heisterbach kamen, hat hy guon Fryske foarfallen yn syn stichtlike ferhalen opnommen ⁴⁾. De measte "Fryske" eksimpla út de *Dialogus* binne dan ek dúdlik te trasearjen. Men mei dêrom foar it folgjende ferhaal oannimme dat de skriuwer wist wêr't er it oer hie. Caesarius behannelet dêryn de eigen-skippen fan goede en minne kleasteroersten. Hy warskôget syn lêzers of taharkers — syn eksimpla waarden de muontsen faak foarlêzen by it miel — foar ambisjeuze figueren yn it kleaster dy't yn har stribjen om hege posysjes te berikken har mei opsetsin freonlik en sêftmoedich foardogge om de minsken foar har yn te nimmen mar, wannear't se ien kear de begearde machtsposysje ha, stadichoan ferhurdzje en alderferskuerendste strang wurde. Hja binne neffens Caesarius te ferlykjen mei âlde, bleke, hurde en bittere tsizen dêr't alles wietens

Fryske tsiis yn de 13de ieu

Tsiis en Fryslân, dat liket in fansels-sprekkende kombinaasje. As wy de oerlevering leauwe meie, ken men ommers sûnt Grutte Pier de oprjochte Fries derút oan de krekte útspraak fan de wurden "griene tsiis". Dat sil grif wol mei de ekonomyske betsjutting fan it produkt te krijen hawwe. Bekend is dat yn de 15de en 16de ieu de measte boeren út it klaaigebiet en de Lege Midden al suvelspesjalisten wiene en allinnich foar de merk produsearren. Bûtenlânske hannelers kamen doe manmachtich nei de merken fan fluchgroeiende stêden as Boalsert en Snits om bûter en tsiis te keapjen. En Fryske keapju waarden geregeld mei dy waar yn de grutte Dútske havenstêden sinjalearre. Tsiis wie doe dus al in wichtich eksportprodukt. Mar wie dat ek al sa yn 'e foargeande ieuwen? De âldste boarnen dêr't tsiis út Fryslân yn neamd wurdt, binne de besits- en ynkosteregisters fan it kleaster Werden oan de Roer út de 11de en 12de ieu ¹⁾. Se litte lykwols sjen dat de Fryske pachters en "cijns"-hâlders de oan de abdij ferskuldige bedraggen net mei dat produkt betellen. Tsiis wurdt allinne neamd by de itenswaar dy't guon fâden, behearders fan hōfgoed en prysters fan Werdense eigentsjerken foarsette moasten oan de muontsen of amtners fan Werden dy't kamen om it kleasterbesit te ynspjektieren of om in oare reden in besite oan Fryslân brochten. De levering fan tsiis hearde ta krekt omskreaune "herberchplichten" dy't foar gâns eksploitaasjesintra fan Werden ek bûten Fryslân, it-seide wiene. Men kin dus út de "Fryske" ferplichtings net ôfliede dat tsiis ta de streekspesjaliteiten hearde. Mar der docht fansels wol út bliken dat der doeyn Fryslân tsiis makke waard. Dat kin men ek opmeitsje út de bekende reproduksje fan it 13de-ieuske, no ferlern giene, Friesenbild út 'e Domtsjerke fan Munster. De ynwenners fan Munsters Fryslân dy't men dêrop ôfbylde fynt, biede har patroanhillige û.o. grutte rûne tsizen oan. It iennichste berjocht dêr't tsiis as eksportprodukt yn foarkomt, is it ferhaal oer de hongersneed fan 1222 yn de kronyk fan it kleaster Wittewierum yn Grinslân ²⁾. Neffens de skriuwer, abt Menko, wie der yn it Eastseegebiet yn dat jier nôt genôch mar koene de hongergjende Friezen dat net krije. Se hiene nammentlik gjin kontant jild om it te keapjen om't se fanwege in ferbod fan de biskop fan Munster har fee, hynders, bûten en tsiis net op 'e merken by de Eems lâns kwyt koene. En de bewenners fan it

Eastseegebiet hiene fan dy produkten ek gjin ferlet. Om't Menko dat foar in útsûnderlike situaasje hâldt, kin oannommen wurde dat de Fryske hannelers yn gewoane jierren wol keapers foar har waar fine koene. Al mei al mar in lyts bytsje gegevens oer de Fryske tsiis út de tiid foar 1400. It liket my dêrom wol aardich en freegje hjir om'tinken foar in berjocht dat oant no ta oan 'e lânbouhystoarisy ûntkommen is. In tige nijsgjirrich berjocht oars om't it eat méidielt oer de kwaliteit fan dy tsiis. It is ôfkomstich út in prekebondel fan de Cistercienser muonts Caesarius fan Heisterbach (ca. 1180- ca. 1240) ³⁾. Caesarius hat in grutte reputaasje as skriuwer fan eksimpla: koarte ferhalen dy't in religieus tema yllustrearje en as wier bard presintearre wurde.

„Wy fan Fedde Dykstra”

Wy leverje jo betelber en goed in pakket handels- en famyljeprintwurk. Yn it hertsje fan Ljouwert fine jo de kwaliteit offsetprinters fan „Fedde Dykstra”.

offsetprinterij

IEWAL 51A en B
 8911 GR LJOUWERT
 TELEFOAN:
 058-126684/127245

„fedde dijckstra bv”

út parse is. De eigenskippen fan sokke tsizen fertsjintwurdigje allerhande type sünden. Sa stiet de hurdens fan 'e tsiis foar ûnbarmhertigens en bûtenwensige strangens (*rigor*). De fealens ferwiist nei de sûnde fan sinnigens. En de sâltens betsjut ferbittering en drift. No, de Fryske tsiis fertoant al dy eigenskippen en stiet dus model foar de minne prelaat, ornearret Caesarius. De Friezen, sa dielt hy ús letterlik mei, " . . . mienne dat alle tsiis fan natuere min is, en dat skynt by har ek wier sa te wêzen om't se it fet fan de molke der sa bot útparse dat der mar in bytsje oerbliuwt, mei fan gefolgen in droege en skerpe smaak (. . . *Freso dicit, quod omnis caseus naturaliter sit malus. quod apud eos vere videtur, eo quod pinguedinem lactis sic exprimat ut sicci et aridi modicum in se saporis habeant*). Hoe oars is de tsiis dy't men yn jins eigen gebiet makket. Dy is fan goede kwaliteit om't er fet is en mei mijtte sâlte. Mei sokke tsiis is de goede prelaat te ferlykjen. De strekking is dúdlik. De Fryske tsiis dy't Caesarius ken, is hurd, âld, bleek en bitter, en leit net op in goede namme, dat hy brûkt him sels as in "negatyf" foarbyld yn syn eksimplum. Blykber wie dy tsiis net as eksportprodukt bekend, alteast net yn it Rijnlân. Caesarius praat ommers oer tsiis "by har" (*apud eos*), dat is oer tsiis dy't op it plak sels konsumearre wurdt. It Fryske molkeprodukt wie dus duorsum mar net ytber: faaksien fan 'e redenen wêrom't de bewenners fan it Eastseegebiet yn 1222 gjin nôt tsjin tsiis ruilje woene?

- 1) *Die Urbare der Abtei Werden a. d. Ruhr*, R. Kötzscke ed. (Bonn 1906) 114, 135, 238.
- 2) *Kronieken van Emo en Menko*, H. O. Feith en G. Acker Stratingh ed. (Utrecht 1866) 241 e.f.
- 3) E. Schoenbach, "Studien zur Erzählungsliteratur des Mittelalters; über Caesarius von Heisterbach" Tl. IV, *Sitzungsberichte der Kaiserlichen Akademie der Wissenschaften in Wien. Philologisch-historische Klasse* 159 (1908) 26. Mei tank oan dr. J. J. van Moolenbroek út Amsterdam dy't sa freonlik wie en wiis my op dit berjocht.
- 4) Sjoch it moaie artikel fan J. J. van Moolenbroek oer "Caesarius van Heisterbach op reis in Friesland en Groningen", *Tijdschrift voor Geschiedenis* 98 (1985) 513-539.

J. A. Mol

Aldfrysk yn de sechstjinde ieu foar frysktaligen al ûnbegryplik

It is bekend dat it mei it skriftlik brûken fan it Frysk nei 1540 hurd dien wie en dat it Frysk út 'e santjinde ieu fan guodden as Van Hichtum, Baardt en Gysbert Japicx der hiel oars útsjocht. Hoe yngripend oft de omskeakeling west hat, soe blike kinne út it fersyk fan de folmachten fan 'e Ripperhim oan de grytmannen fan

Wûnseradiel en Wymbritseradiel om har reglemint út 1522 dat yn it Frysk wie, yn it Nederlânsk fêst te stellen. As ik it goed begryp wie der yn of foar 1588 ek al in oersetting fan makke en folstienen de grytmannen trije jier letter mei it offisjeel fêststellen. Of waard der ek in nije oersetting makke? De folmachten, oan har namme en wenplak te sjen allegearre boeren, joegen as reden op dat "door duysterheit ende defect (de brief wie toch âlderdom ek fersliten) . . . in toecomende tyden onder die Ingesetenen van den voorsz. Hem, geen twist soude mogen spruiten en exoreren" (Schwartzenberg (ed.), *Groot Placaat en Charterboek van Vriesland II* (1773), 429).

In list mei Stedfrysk út 1875 fan W. Eekhoff

Yn it Argyf fan de argivaris, port. W. Eekhoff, *Taal (GAL)* sit in oantekenboekje mei in alfabetysk oardere "Woordenlijstje van Bijzonder in Vriesland thans nog gebruikelijke woorden en Spreekwijzen — Verzameld door W. Eekhoff 1825".

Ut oarremans Smidte

Yn "Ondernemend Friesland" presintearje in grut tal Fryske ûndernimmings, sawol op yndustrieel as agrarysk mêd, har yn it Nederlânsk en yn it Ingelsk. Yn in ynliedend haadstik wurdt yn it koart in oersjoch jûn fan de ekonomyske situaasje fan Fryslân; der wurdt omtinken jûn oan de yndustry, oan toerisme, ûnderwiis, oan de provinsjale oerheid en oan de ekonomyske aktiviteiten



len fan de produkten fan de Fryske yndustry

fan in pear Fryske stêden. Ek oan de Keamer fan Keaphannelis in haadstik wijd en dat jildt allyksa foar in pear Fryske banken. It by útjouwerij Eisma yn Ljouwert útjûne boek befettet gâns yllustraasjes, sawol yn kleur as swart/wyt.

"Frysk ferskaat" is it achtste diel yn de *Esso Museumrige*. Dit diel giet oer trije

*Bydragen foar dizze rubryk kinne trochjûn wurde oan
drs. Ph. H. Breuker,
Fryske Akademy*

Yn in foaropwurd ljocht Eekhoff ta: "Ofschoon er in Vriesland oneindig veel meerdere byzondere woorden worden gebruikt zoo heb ik echter *de meesten* allen aangetekend welke niet in het *Idioticum Frisicum* van Proff. *Wassenbergh* geplaatst waren, en dit is dus maar alleen een lijstje der woorden onopgeheldert." De list jout de wurden mei in oersetting yn it Nederlânsk, ek wol brûkt yn sinsferbân en inkeld mei in ferwizing nei *Vondel*, *Gysbert Japicx* of oaren. Om in yndruk te jaan neam ik de wurden ûnder de A en de Z: az; akkoordje; allykwel; zuuste; zinde; zoo; zuinig; zin; zinnig; zaadzaam; zinnigt; zond; zaad. Ik leau net dat de list noch brûkt is.

Ph. H. Br.

Fryske musea: it Coopmanshûs yn Frjentsjer, it Hannemahûs yn Harns en it Hidde Nijlandmuseum yn Hylpen. De tekst is fan Hugo Kingmans en de kleurefoto's (en dat binne der hiel wat) binne fan Onno Meeter. Kingmans fertelt oer it grutte ferskaat dat de kolleksjes fan dizze trije musea biede. Ek de skiednis fan de gebouwen, dêr't de musea yn hús fette binne — alle trije âlde histoaryske gebouwen —, wurdt beskreaun. Fan dit achtste diel is ek in Frysktalige útjefte ferskynd. De oersetting is fersoarge troch R. de Haan.

Frisian-English Dictionary is koartlyn ferskynd by Johnson Printers yn Boulder, Colorado, USA. Skriuwer is Raymond John Fisher, soan fan Fryske emigranten. Hy neamt har tige mei sin, want it boekje is "opdroegen oan myn echt-Fryske âlden Jan en Griet Visser-Berkenpas".

By it trochblêdzjen docht al gau bliken dat de titel op 'e helte fan 'e ynhalde slacht, want it wurdboekje befettet ek in English-Frisian part. De skriuwer besef dat der flaters oanwiisd wurde kinne: "errors undoubtedly will be found, especially in the Frisian", mar woe no dochs mar ris trochbite. Korreksjes en oanfolgings kinne nei syn adres stjoerd wurde.

It boekje, te ferlykjen mei Van Goor's *Klein Fries Woordenboek*, telt 215 siden en bestiet út in Ingelsk en Frysk foarwurd, wurdboektekst en list sterke tiidwurden. It kin besteld wurde by de skriuwer (adres: 1271 Gaylord Street, Denver, Colorado 80206). Priis 5 USDollar.